

SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder

| | |
|-------------------------------------|--------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------|
| Rjochte oan DS / lid DS | Sijbe Knol |
| Ynliedende taljochting (fakultatyf) | <p>Yn de Ljouwerter Krante fan saterdei 18 novimber stie dat it trijejierrige kultuerfestival Arcadia fan doel is en set yn 2025 in 'tydlik stikje boukeunst' del op it Aldehoustertsjerkhôf yn Ljouwert, in 'griene oaze.'</p> <p>It objekt en de bou der fan liket fan gefolgen te hawwen dat besteande festivals lykas it Befrijingsfestival en 'Into the Grave' yn de knipe komme, it plein dat jier net brûke kinne. Hoewol't de organisatoaren fan dy festivals it in prachtich, sympatyk inisjatyf fine, binne se fan betinken dat Arcadia miskien better in oar plak yn Ljouwert sykje kin.</p> <p>De besteande festivals hawwe in fêst plak op de jierlike kalinder en sitte mei besteande ôfspraken. Dat it net maklik is om in oare lokaasje yn Ljouwert te finen en it kultueroanbod oerein te hâlden hawwe it fertrek fan 'Welcome to the Village' en 'Psy-Fi' wol sjen litten.</p> |
| Fraach / fragen | <ol style="list-style-type: none">1. Hat it kolleezje fan Deputearre Steaten krekt as de FNP-fraksje begryp foar de ûnrêst en soarch fan de organisatoaren fan eveneminten en festivals yn Ljouwert oer de plannen fan Arcadia op it Aldehoustertsjerkhôf?2. Mei ferskate belutsen partijen (û.o. Arcadia, Befrijingsfestival, Frysk Strjitfestival) hat de provinsje Fryslân in subsydzjereleasje. Wat binne neffens it kolleezje de konsekwinsjes foar dy festivals as se mooglik net gebrûk meitsje kinne fan de bewuste lokaasje?3. Is it kolleezje fan Deputearre Steaten ree en gear mei de ferskillende festivals en de gemeente yn petear om in oplossing te finen dy't rjocht docht oan alle partijen? Bygelyks troch it sykjen fan in alternative lokaasje foar de 'griene oaze' fan Arcadia? |
| Yntsjinner(s) | FNP, Dinie Visser |
| Datum | 20 novimber 2023 |